FRYSK op SKOALLE

BAST
BoargerAksjegroep
Sis Tsiis

It Frysk is noch altiten in ûnderdrukte taal!

It Frysk is yn de praktyk fan it deistige libben noch alten in ûnderdrukte en ferhûddûke taal. Likegoed yn it ûnderwiis. En dat al mear as twa iuwen! Sûnt de tiid fan Napoleon (om 1800 hinne) hinne en de learplichtwet (1901) is it Frysk bestriden, opkeard en ferwaarleazge, lykas wie it in besmetlike sykte. Yn de lêste desennia binne der yn de steatsnasjonale wet- en regeljouwing hiele lytse stapkes set nei ferbettering, mar men fernimt amper wat fan in effektive ynfiering. Ek de formele erkenning fan it Frysk yn it *Europeesk Hânfêst foar Regionale en Minderheidstalen* (al ratifisearre yn 1996!) hat yn de praktyk net folle úthelle. Der is noch lang gjin sprake fan *lykberjochting* en *lykweardigens* fan it Frysk oan it Hollânsk, dat ek yn Fryslân altiten it monopoalje hie yn it offisjele ferkear. Op in lyts tal skoallen besykje guon learkrêften lokkich noch mei ynmoed it wól goed te dwaan. Dat kin lykwols hiel maklik frustrearre wurde troch in negative hâlding fan de skoallieding. Dy meie as útfierder dus nea op de stoel fan de wetjouwer sitten gean en it is net goed te praten dat soks yn Nederlân allinnich foar it Frysk tastien is! Dat jout allinnich al de grutte swakte fan it hjoeddeistige taalbelied oan.

Alderlei ynternasjonaal wittenskiplik ûndersyk toant oan dat it negearjen fan in memmetaal, benammen as it in minderheidstaal is, taalearmoede befoarderet en dat by goed taalûnderwiis bern mear talen leare kinne. Dat is mei it Frysk net oars. En foar fan hûs út oarstaligen is it Frysk fan grut belang fanwegen harren yntegraasje yn de Fryske mienskip en foar it krijen fan respekt foar de minsken en kultuer dêr't se yn libje.

It bytsje foech oer de kearndoelen Frysk foar it basis- en fuortset ûnderwiis dat koartlyn fan it Ryk nei de Provinsje oerhevele is, is ek al wer bûn oan *diskriminearjende* betingsten. En dan giet it noch mar oer *in part* fan it ûnderwiis. Yn it *beropsûnderwiis* en yn de ekspertizesintra (spesjaal ûnderwiis) is de oanpak it noch altiten folslein frijbliuwend en nét-ferplichtsjend. It sjit dus net op mei it Frysk yn it ûnderwiis en dat is tige nuodlik foar de takomst fan ús taal.

Doch ek mei oan ús kommende aksjes!

Wolle jo ek aktyf meihelpe? Tige wolkom! Dan jo efkes opjaan by: ffupost@hotmail.com. **Wy hawwe ferlet fan jo!**

Itselde jildt foar it ûnderwiis yn de *skiednis fan de Friezen* of de *Fryske skiednis*, dêr't noch altiten gjin kearndoelen foar skreaun binne.

Sûnt de 'ferplichting' yn it basis- en fuortset ûnderwiis is de emansipaasje fan it Frysk net fan 'e grûn kommen. In effektive ymplemintaasjestategy hat altiten ûntbrutsen. Soks kin net noch ris 12 jier fertraging ferneare, sa't Deputearre Steaten yn in útstel betocht hiene. Dan binne wy nei de earste wetswiziging fan 1974 yn mear al in heale iuw noch gjin sprút opsketten. Sok tiidrekken lost neat op en tsjûget net fan trochpakken. Alles ta grutte skea fan de bern, dy't al lang rjocht hawwe op goed ûnderwiis yn it Frysk.



Sis Tsiis is oeral mei struibrieven yn aksje ...

Om dy reden sette wy ús as ***BoargerAksjegroep Sis Tsiis*** (BAST) mei ynmoed ek yn foar de 'dúdlike doelen foar in Fryske takomst' út de *Skaadbestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer 2019-2023* (*'skaad-BFTK'* fan de Ried fan de Fryske Beweging, juny 2018, s. 9-13; oan te klikken op: https://www.fryskebeweging.frl/wp-content/uploads/2018/04 /RFFB-skaad-BFTK.pdf). Dy doelen, dy't in gearfetting binne fan dy fan de *Feriening Frysk Ûnderwiis* (FFU), moatte yn de kommende fjouwer jier yn it skoalprogramma ymplemintearre wêze om alle bern sa fier mooglik te krijen. It moat mei de emansipaasje fan it Frysk allegearre ***folle flugger***, ***folle better*** en ***folle effektiver!***

Koarte gearfetting fan it haadstik 'Ûnderwiis' út de 'skaad-BFTK':

1. Ryk en Provinsje steane yn mienskiplike ferantwurdlikens noed foar it neilibjen fan it *Europeesk Hânfêst foar Regionale en Minderheidstalen* en it *Ramtferdrach foar de Beskerming fan Nasjonale Minderheden*, beide fan de Ried fan Europa. De ferdraggen wurde op de dêrta stelde tiden hifke. De advizen fan *Dingtiid (in wichtich advysorgaan foar it Ryk en de Provinsje)* wurde wat dy ferdraggen oanbelanget foar earnst nommen. Opgean yn in grutter lânsdiel is net yn it belang fan de Fryske taal en kultuer.
2. By it Frysk heart in folweardige ***trochgeande learline*** fan pjutten oant en mei universiteit. Yn berndeiferbliuwen en pjutteboartersplakken wurdt it Frysk op syn minst yn de helte fan de kontaktoeren as fiertaal brûkt. De basisskoallen sette alle jierren stappen om de kearndoelen sa gau mooglik te heljen en om sa it Frysk in *lykweardich* plak te jaan yn it meartalich konsept. It Frysk wurdt krekt as alle oare fakken yn de jierlikse kwaliteitsbeoardielings meinommen. Learkrêften yn de basiskoallen hawwe it foech Frysk of helje dat *binnen twa jier*. De *ynspekteurs* dy't yn Fryslân wurkje, behearskje it Frysk.
3. Yn it fuortset ûnderwiis wurdt it Frysk yn ***alle learjierren*** op syn minst ***twa oeren*** jûn, wylst it tagelyk as ***ferplichte eksamenfak*** opnommen wurdt. Wat de kearndoelen oanbelanget wurdt net langer ûnderskied makke tusken Frysk foar Frysk- en net-Frysktaligen. De skoallen moatte genôch learkrêften hawwe om it Frysk as fiertaal brûke te kinnen. Yn it middelber beropsûnderwiis is it Frysk in ferplichte ûnderdiel as fak en as fiertaal, wylst it Frysk tagelyk in ***ferplichte eksamenûnderdiel*** is. Ôfstudearre studinten fan Pabû NHL/Stenden kinne meartalich ûnderwiis jaan mei in *lykweardich* plak foar it Frysk.
4. Foar it jaan fan it fak Frysk bliuwt in ***earstegraads* oplieding** nedich, nettsjinsteande it tal studinten. Frysktalige studinten oan de universiteit krije de gelegenheid om fan it Frysk gebrûk te meitsjen. Foar it fuortsterkjen fan de Fryske taal en kultuer docht de Provinsje ûndersyk nei de foardielen fan gearwurking tusken hegeskoallen, de Fryske Akademy en Campus Fryslân as it giet om meartaligens en kultuer (*Skaad-BFTK*, s. 5-6).

Der moat no einlings ris 'rjocht' dien wurde!

Dy stiid is noch lang net foarby en wy dogge sadwaande benammen in driuwend berop op ús beliedsmakkers en steateleden om folslein har eigen ferantwurdlikens te nimmen. Ús politisy binne der om it *algemien belang* te tsjinjen en se meie har net ferskûlje efter (guon) skoalmanagers dy't op ferkearde ideologyske grûnen it Frysk leafst safolle mooglik bûten de skoalle keare wolle.

It Frysk moat dus as fak en as fiertaal in (oan it Hollânsk) lykweardich plak krije yn ús ûnderwiis mei:
1. *alle jierren* in effektive *kwaliteitsbeoardieling*;
2. *learkrêften* dy't it op ridlike termyn it Frysk allegearre goed behearskje;
3. it ûntwikkeljen fan *yntegraal meartalich lesmateriaal* foar in *meartalich konsept*, werby't de lesstof systematysk, ôfwikseljend en lykweardich yn de trije ferplichte talen *oanbean* en *leard* wurdt.

Stride jo ek mei? Dan leafst opjaan by: ffupost@hotmail.com.

De doelen fan de Feriening Frysk Ûnderwiis (FFU)

Goed tritich jier lyn is de ***Feriening Frysk Ûnderwiis*** **(FFU)** oprjochte (yn 1987) om lykberjochtiging te krijen foar it Frysk (klik ris op: **www.ffu-frl.eu**) en stribbet de neikommende doelen nei:
1. It Frysk moat de *earste* taal wurde yn Fryslân, dus ek yn it ûnderwiisdomein. Dat hâldt ûnder mear yn dat it Frysk yn it eigen taalgebiet in normaal, folslein akseptearre, mûnling en skriftlik kommunikaasjemiddel wurde moat en as sadanich yn it meartalich ûnderwiis as fak en as fiertaal in folweardich plak fertsjinnet.
2. It Frysk moat in ferplichte (eksamen)fak wurde foar alle learlingen yn Fryslân en ek in ferplichte ynstruksjetaal (by oare fakken) yn it algemien foarmjend ûnderwiis (foarskoalsk ûnderrjocht, basis- en fuortset ûnderwiis, spesjaal [fuortset] ûnderwiis) en it beropsûnderwiis (mbû en hbû). De foarderings fan de learlingen yn de Fryske taal en de Fryske skiednis moatte systematysk en frekwint folge wurde mei in noarmearre, falide en betrouber learlingfolch- en toets(ings)systeem.
3. De kearndoelen en eksameneasken foar de Fryske taal, kultuer en skiednis moatte lykweardich wêze oan de kearndoelen en eksameneasken foar it Hollânsk (Nederlânsk) en de Hollânske (Nederlânske) skiednis. It foech dêroer moat folslein by de provinsje Fryslân lizze.
4. Op it nivo fan de skoalle as organisaasje moat it Frysk yntern en ekstern mûnling en skriftlik folweardich (oan it Hollânsk) funksjonearje (bgl. yn de administraasje en korrespondinsje, op buordsjes en paadwizers, opskriften, brievepapier ensfh.). Dy 'sichtberenseask' moat ien fan de bekostigings- en subsydzjebetingsten wêze.
5. De Fryske learare-opliedings foar it basis- en fuortset ûnderwiis moatte twa- of trijetalich funksjonearje, mei in plak foar it Frysk as fak en as ynstruksjetaal dat net minder is as dat fan it Hollânsk (Nederlânsk) en it Ingelsk. De dosinten/oplieders dy't it Frysk as ynstruksjetaal brûke by oare fakken as it fak Frysk, moatte it Frysk sels ek op in goed nivo behearskje mei in dúdlike ûndergrins.
6. De learmiddels foar it twa- of trijetalige basis- en fuortset ûnderwiis (ynklusyf it spesjaal ûnderwiis) moatte it Frysk yntegraal in op syn minst lykweardich plak jaan oan dat fan it Hollânsk en it Ingelsk (oanpart 35% of mear). De trije talen yn dy yntegrale learmiddels moatte ûnderling systematysk ferlike wurde op ferskillen en oerienkomsten.
7. Alle ûnderwiisynspekteurs en ûnderwiisbegelieders dy't (ek) yn Fryslân har wurk dogge, moatte it Frysk aktyf mûnling en skriftlik op in foldwaande nivo behearskje en in goede kennisse hawwe fan de Fryske kultuer en skiednis.
8. Nije ynkommelingen/migranten yn Fryslân moatte it Frysk op syn minst ferstean en lêzen leare en dat oantoane kinne (bgl. troch it op in foldwaande nivo ôflizzen fan noarmearre, falide en betroubere toetsen).
9. Der soe mear (wetlike en feitlike) romte komme moatte foar learlingen bûten Fryslân om op skoallen bûten ús provinsje (op oanfraach fan de âlden) Frysk te kiezen. Ek oare talen as Nederlânsk en Ingelsk (oeral ferplichte fakken) besykje oer it hiele lân op dat stik mear rjochten te krijen, wêrby't nije digitale mooglikheden en ôfstânsûnderwiis dat yn de praktyk realisearje kinne. Der sille yn it him ûntwikkeljende Europa (EU) mear taalrjochten komme moatte foar de lytse(re) autochtoane talen, wol it biedwurd 'ienheid yn ferskaat' gjin lege dop bliuwe en wolle dy har steande hâlde kinne foar de oerhearskjende talen oer.

Ried fan de Fryske Beweging
foar Fryslân, Friezen en it Frysk